

SJUERYRAPPORT GYSBERT JAPICXPRIIS 2021

Achte oanwêzigen, Deputearre Poepjes, lange list fan kandidearre dichters dêr't wy benammen Elmar Kuiper wer opnij fan neame wolle, priiswinner Eeltsje Hettinga, kollega-amtner, famylje, freonen, leden fan 'e parse, en alle oare belangstellenden,

Wy binne der sa wiis mei dat jo hjir allegearre binne fan 'e middei. Wy wurdearje jo oanwêzichheid yn dizze drege tiden.

Mei út namme fan myn beide hânlangers Hein Jaap Hilarides en Jannes van der Velde bring ik ferslach út fan de befiningen fan de advyskommisje fan de Gysbert Japicxpriis 2120. Ik bin bliid dat ik sizze kin dat wy der samar út wienen. Want yn in tiid dat de wrâld ferdielt is, woe de komisje mei-elkoar in manifest meitsje ta bate fan mienskiplikheid, mannichte en miichskip — en hat unanym stimd om de priis te jaan oan Poëzy dy't ús hielt en alle Friezen ferbynt.

*Den schil 't lân naet meer forwoestje.
Den môt roestje
't Godleas Swird*

dichte ommers Gysbert-om?

De Dichter fan Fryslân is nij foar ús lân en ien dichter moast no ienris dy nije titel drage. Wy moatte noch wenne. Us wapens dellizze. It sil nimmen ûntgien wêze dat der fan alle kanten boargeradvys kaam, frege en net-frege, om de útferkiezing en it takepakket fan de Dichter fan Fryslân fan in minimaal keunstsinnich ramt te foarsjen. Wy binne der as leden fan de advyskommisje net om de kleau tusken boarger en oerheid te tichtsjen; mar om't wy in plak yn de komisje akseptearre ha, is it yn ús eigen belang dat wy transparant binne oer ús ûnderfining mei it systeem. Transparantens, ferdútst Wikipedia, wurdt ynset as middel om oerheids-funksjonarissen ferantwurdlik te hâlden en korrupsje te bestriden.

Dus: de Dichter fan Fryslân is in twajierrich amt. De Dichter leveret gelegenheids-poëzy, en wol oer pleatslike 'aktualiteiten', skreaun yn opdracht fan de provinsje Fryslân — de eigner fan de Gysbert Japicxpriis — foar in kreas honorarium, printe yn de twa provinsjale kranten en 'customized' nei de winsken fan de oerheid. De Dichter fan Fryslân krijt in fêste fergoeding fan € 2.500 it jier, foar seis oant tsien gedichten it jier, en dêrboppe-op € 250 it gedicht.

De leden fan de advyskommisje hawwe sels gjin ûnderfining fan it Dichter fan Fryslânskip; de media hawwe sa rynsk berjochte oer de komisje syn tekoart oan betûftens op it hiele literêre mêd, dat ik dêr inkeld dit oan ta te heakjen haw. Elke besiele Fryske boarger dy't skriuwt om de wille fan ekspresje, de langst om te boartsjen mei wurden en de misje om de mienskip te lieden, komt yn 'e beneaming foar it amt fan Dichter fan Fryslân.

Net dat de latte net heech leit, o heden nee! Poëzy ferbynt him mei jo stim om't it jo holle mei jo hert ferbynt. Dàt is de kaai om de dichter te ferbinen mei syn taharkers: mei syn fermidden, mei syn mesenas, mei syn magistraat. De Dichter fan Fryslân is as in toerwacht. Hy hat de plicht om mei de toeter de hiele oeren ôf te blazen, mei fanfares seldsume gasten oan te kundigjen, it folk te warskôgjen foar brân en oare

gefairen en mei de bel te rinkeljen as fijannen de boarch beklimme. Hy wit as gjin oar de juste noat te pleatsen en kin muzikaal ynkleurje as gjin oar. Hy, as it boechbyld, moat 'it Fryske skip' belichemje.

Der wiene wol oare kandidaten. Mar wy hienen by dizze Gysbert Japicxpriisútrikking gjin oare nominearren. Sa't jo grif opfongen ha, hat it Skriuwersbounbestjoer yn in ien-twaatsje mei de provinsje it nominearringstelsel weisnijd, nei't se sizze om't it sjeny unyk is en om't nominearren ûnbillik is foar net-finalisten. Us, kommisjeleden, giet dat boppe de pet. Mar nominearren, in longlist en shortlist opstelle, kin eins net sûnder in rangoarderjen nei literêre kwaliteit mei ûnderbouwing. De advyskommisje moat dan alles dat útkomt yn it prizetiidrek fan 4 jier yngeand lêze en ferstân fan poëzy hawwe.

Wy hawwe wis in soad bondels sjoen, begryp ús net ferkeard. Mar de lêste bondel fan Eeltsje Hettinga, *Ikader*, is troch de ymminse flecht op 'e koai net mear te krijen by bol.com. Betink ek, hy is tsien jier lyn skreaun, op papier. Dêrnei waard de dichter in wiere fernijingsmasine. Hy gie *mixed-medial* en konseptueel. Bliuw altyd in stap foar op it publyk, like it idee, gean net de kant op dêr't lêzer jo it leafst hinne gean sjocht. Alsa hat Hettinga de Fryske keunst ferbjistere. Sa't ús achte kollega's, de Gysbert Japicxpriis-advyskommisje fan 2017, opmurken:

Wy ha wolris twifele oft it omtinken foar mear disiplines net ten koste giet fan de ambysje en de kwaliteit yn de ôfsûnderlike disiplines. Mar dêr streekrjocht tsjinoer: wy ha goede foarbylden sjoen fan it sykjen nei nije wizen fan presintaasje fan poëzij krekt mei help fan oare disiplines, benammen it sykjen fan Eeltsje Hettinga en Lotte Middendorp makket nijsgjirrich nei mear.

Wilens binne jo ek nijsgjirrich! Lit my mar gau ús oardiel taljochtsje oan 'e hân fan ûnferjitlike, sûnder mear Nobelpriisweardige strofen.

Europa - De nammen

It is baas drok oan de kusten fan Europa.
Badgasten, beskonken yn see, swimme
foarby it wrakhout fan it skip dat
de flechtling brocht, ûngeriif dat jûns
ûnder de sinne yn de oliven fia
Skype en mail nei it thúfront spat,
de kleilieten oer it bedoarne genot. -

Hotelkeamers sjogge út op tinten en
kampen, tichtset mei skrikried, ryk fan
hannel yn fleis en minsken. Eagen oer
it stek sinke wei as boaten yn 'e nacht.
It is baas drok oan de kusten fan Europa.

Wat in ynkringend byld. Tink ek om de taalfernijing 'baas drok' dy't ús subtyl út lykwicht bringt. Tusken de Europeeske kusten leit it hiele drama knyld. En hoe soene wy eagen hawwe kinne om te sjen en earen om te hearen wat der wier bart, yn en ûnder de werklikheid fan ús deistich libben. Dêr komt de jefte fan poëzy ús te help. Yn fersen dy't rikke fan losse ynformelens oant strange struktuer,

en fan it ludike oant it sombere, besiket Eeltsje Hettinga om poëzy ús de eagen en earen iepenje te litten foar de nuvere en ûngrypbere eksistinsje. Hy kiest dêrfoar in stim dy't ús it deistige earje litte sil en ús ferhûgje om it opmerklike, en ús tagelyk skrieme lit mei dejingen dy't skrieme. Hy dichtet mei myld absurdisme en lichte mankelikens oer syn eigen paad nei ynsjoch en oertsjûget ús om him te folgjen.

Skip fûgel lân [*fragmint*]

'Substitute', The Who

Iepensnien lei my it lichem ûnder
de kust syn skomflokjende hoarizon.

In Fundgrube fan rotsoai en ramsj
wie ik. De mage pûle út fan alles

wat ûnfergonklik ivichheid yn hie:
just plastic, sa't ik fan kop oant sturt

en fan wjok oant wjok al opset wie
eardat ik út eigen fearren opgean koe.

Yntertekstualiteit is in *understatement*. Dit gedicht kristallisearret de tsjinspraken, smyt ljocht op de grûnbegjinsels fan it literêre postmodernisme, ûntwikkelet in realiteit, yn in justlyn konkretisearre fokus. Nammentlik, de Amerikaanske single fan it popliet 'Substitute' ('Surrogaat') fan de Who, dy't útkaam yn 1966 yn 'e tiid fan Swarte massaprotesten, freedsume *sit-ins* en deadlik oproer, hie de refreinrigel "I look all white but my dad was black" feroare yn "I try walking forward but my feet walk back."

Dichters hawwe in gave. Se ha de gave om in ferhaal 'werom te rinnen', in persoanlik ferhaal, itsij it mienskipferhaal. Mei dy gave komt de ferantwurdlikens om dat ferhaal op in eigen, oprjochte manier te fertellen sadat it binnenkomt by de taharker. Keunst is sintúchlik en fia ús sinnen brûke wy keunst om by ús djipper sels te kommen, oft wy no de skepper binne of it publyk. Beide kanten easkje nijsgjirrigens en de moed om echt te sjen en echt te fielen wat it docht.

Neat as de wierheid. Mar hjir bart wat ekstra's... it masker falt ôf. De dichter en de sprekker yn it gedicht falle no gear: de fernijing is dat Hettinga himsels beskikber stelt, net as de abstrakte en universele dichter mar as in beskate man op in beskaat plak en stuit. Dy fernijing giet fierder as samar keunstfernijing, want de winsk fan it publyk is feroare. Lykas har politisy en nijslêzers wolle se har dichters *kenne*.

Op Wyns - Yn it skaad fan de stien [*fragmint*]

Foar A.H.

Troch it each yn de stien fan K.
Koene wy, lizzend op knibbels,
De le omtrint lizzen sjen, as soe
Al wat sliepte wer syn stream nimme.
Griis wie de loft, in mei pleisters

Tichtplakt kefert. Wolkens fearen oer
De pont en net thús te bringen
Klonken stimmen yn 'e hôfsbeammen.

[...]
Weromkearend ta it alderearste wurd,
Azem dy't tiid ta taal makke.

Nearne stiet de dichter sa neaken en bleat wannear't er de dea sjocht fan antlit ta antlit. Dochs is in gedicht altiten de man mei twa mûlen: 'net thús te bringen', wol 'weromkearend'? Binne 'wy', de dichter yn pluralis majestatis, trouweleas en gnypsk as in asylhûn, is it in dûbelsinnige taspiling op 'e deadswinsk yn in stûf partoer mei it taboe dêrop? Mei wissens is dit gedicht opnij in linich gearranen fan fiksje en werklikheid, in bjusterbaarlik drama oer rou, mei taal as stikeltried en in timbre dat rint fan feninch, bitend en falsk oant kliemsk as kersfet. Hoe inketswart en riedsel-eftich ek, Hettinga sketst in krêftich, moai byld dat alle goeie poëtyske knoppen yndrukt.

Net wurch te krijen, bodzjend as in ielshûd, bedekt er ús treflikste lân mei in laachje blêdgoud en lit de wrâld sjen dat de keunst *kickin' & alive* is yn ús mienskip. Ynternasjonaal omtinken krige in protestgedicht:

Malta - De opblaasde dei [*fragmint*]

Mar faai is it nijs, dat dreun troch

bline deamasines, it eilân
syn wytkalke grêven bleatlei.

Ien inkelde bom blies in auto
beneistenby de bergen oer, swart-

ferbrând wie de tonge dy't Malta's
maffia it fjoer oan 'e skinen lei.

In juridysk ferslach publisearre nei de moard op de Malteeske ûndersyksjoernalist Daphne Caruana Galizia beskriuwt in 'kultuer fan straffeleazens' dy't wrâldwiid de lju yn it hert fan it regear tinke lit dat se oeral mei weikomme.

De kommisje is oerweldigende troch de profetysk-poëtyske fisy. Etyk leit altyd lyk om 'e hoeke by Hettinga, mar dy is folksetyk. Dy bliuwt fier út de buert fan abstrakte filosofyske komposysjes. Ta it wiidfiemjend ferskaat fan konteksten en atmosferearen dy't Hettinga ynskeakelet hearre krekt de meast wrâldske. Syn happige each is keard nei de taastbere wrâld en faak nei saken dy't sintraal yn 'e gratuite etyske posysjes lizze, lykas dat 'de atoomknop' út de tsjustere 'kweade kelders fan de geast' komt. Soks jout opskuor yn it literêr establishment. Allinne yn in tiid lykas uzes, dy't tinkt om de kwetsberens fan literêre fernijing, koe dizze poëzy syn *rite de passage* oerlibje en syn folle folwoeksenens berikke.

De hannen de doeken [*fragmint*]

allyksa belibbet yn de doar fan libben en dea

de mitseler fan it minsklike lichem
de wûne en 't wûnderlike fan it bestean,
ay, hoe't by alle anatomyske lessen
skalpel, skjirre en pinset it fleis beroerden,
it lichem dat him yn de oere fan
in âld liifrinnen hearre liet as in lyts rochelorkest,
mei de wjerklank fan neat en nimmen,
de rêd ferrinnende dei.

De kommisje draacht foar de takenning fan de Gysbert Japicxpriis 2021 de hiele kolleksje fan 27 wurken foar, dy't de dichter makke hat as Dichter fan Fryslân. De adyskommisje fûn dat it wurk krekt de goeie toan treft. De poëzy is útpuerd en útbalansarre, de dichter leit de juste aksinten en seit gjin wurd te min of te folle. Boppedat, hjir ha wy lang om let in dichter dy't it klisjee net mijt: simpel, suggestyf, symboalysk. Dat no makket de rigels libben en ryk mei bysûnderheden, en tagelyk beweegje se net wei fan it prozayske — in útsûnderlike prestaasje. De sjuery draacht foar, en it Kolleezje fan Deputearre Steaten hat dy foardracht oernommen, Eeltsje Hettinga, foar de 27 Dichter fan Fryslân-gedichten 2017-2019, yn opdracht en útjûn fan provinsje Fryslân.

Eeltsje Hettinga, hertlik lokwinske fan ús trijen mei de Gysbert Japicxpriis 2021! En in soad sukses! Tankewol dichters fan Fryslân, en dêrmei bedoel ik alle Fryske dichters, foar jimme warberens: alwa't op 'e doele rekke is yn de wyldernis fan it hjoeddeiske gedicht, Fryslân is *the place to go*! Tank oan de leden fan de advyskommisje Hein Jaap Hilarides en Jannes van der Velde foar it noflikke oparbeidzjen. Tankewol Kolleezje fan Deputearre Steaten foar it grinsleaze betrouwen dat jim yn ús holden.

Nochris tige tank foar elkenien dat jo hjir oanwêzich binne om te fieren dat Eeltsje Hettinga, ús iennichste âld-Dichter fan Fryslân, no ek de Gysbert fan ús krijt! Lit it feest begjinne!

dedain foar it baggelfolk
bargeguod
ienigens
gearboskjen
stjerrerein, it krioeljen, it leven, de kakofony, grutte krêft en iver

compelling	meislepend fassinearjend
beautifully written	prachtich skreaun
lyrical	lyrysk
in the tradition of	yn de tradyske fan
rollicking	dryst
tour de force	huzarestik
thought-provoking	prigeljend, niteljend, nitelich
at once	en tagelyk
haunting	spoekeftich, benearjend, beklibjend
riveting	meislepend, it neilet jo fêst,
nuanced	nuânsearre
x meets x	x moetet x
clich�-free	klisjeeleas
stunning	skitterend
epic	epysk
pitch-perfect	kristalsuver fan toan
readable	l�sber
timely	tidich, ryp
unputdownable	b�tenwenstich fassinearjend, simpelwei unputdownable
that said	lykwols,
gritty	rau, r�ch, grou-kerlich byld
powerful	kr�ftich
sweeping	yngreand, wiidweidich, yngripend
unflinching	blyk fan in �nwrigrbere, bergenf�ste artistike wil om ...
fully-realised	folslein realisearre
controversial	kontroversjeel
dark	tsjuster
darkly comic	zwarte humor, galgehumor
ingenious	fernimstich

4 basic steps of art criticism: describing, analyzing, interpreting, and evaluating --
hjr inkeld beskriuwe en oardielje

https://www.sirkwy.frl/images/literere_prizen/dokuminten/advyskommisje_gysbert_japicxpriis_rapport_2017.pdf

Nynke Heeg, Hein Jaap Hilarides, Jannes van der Velde

De priis bestiet  t de bekende oarkonde, 10.000 euro prizejild en 5.000 foar it oersetten fan de 27 fersen, alhoewol't dy allegearre al oerset binne nei it Ingelsk.

<https://dichterfanfryslan.nl/gedichten/>

Eeltsje Hettinga 2017 - 2019

1. 16/11/2019 Under de klokslach fan de Martini
2. 24/10/2019 De Campus

3. 07/10/2019 Swij do, swij
4. 17/08/2019 FAT MAN'S TSJUSTERNIS 090845
5. 18/07/2019 Mortlake (1)
6. 22/03/2019 Woede
7. 21/06/2019 Wat wier is dat wurket
8. 20/06/2019 Op Wyns - Yn it skaad fan de stien
9. 03/05/2019 It fertrek*
- 10.19/03/2019 Skip fûgel lân
- 11.31/01/2019 Winter
- 12.12/01/2019 Westminster Bridge
- 13.05/02/2019 Jim bestjoerders, jim fernielders
- 14.07/12/2018 Net te beteljen
- 15.02/11/2018 Reliëf
- 16.13/11/2018 Europa - De nammen
- 17.11/10/2018 It sonken Waad
- 18.25/07/2018 It klappen fan de dyk
- 19.12/07/2018 Nij Hiddum & de hannel ad infinitum
- 20.04/05/2018 De fearten
- 21.28/03/2018 Malta - De opblaasde dei
- 22.09/03/2018 Nijmakke-âld
- 23.02/02/2018 De tocht de taal
- 24.02/02/2018 Au Musée
- 25.10/01/2018 In ferdwinen
- 26.15/09/2017 Under de steden
- 27.02/11/2018 De hannen de doeken

De hannen de doeken 2018-11-02

By it ôfskied fan in Boalserter húsdokter Pepy Huisman

It is in lange simmerjûn, stil en soel,
 in man stiet yn de doar fan libben en dea,
 harkjend nei in skreauwen, ergens
 yn de stegen en strjitten achter it stedhûs,
 sjocht nei syn hannen, tinkend oan
 de see en in iepentearen fan lippen en fleis
 doe't in libben foar it ljocht sprong,
 de gjalp fan in do ûnder de sinne
 boppe de Broeretsjerke, in simmerjûn,

it swurk kopergrien as de doeken
 fan bonmamma en grootpapa,
 elk oan in kant fan de skoarstienmantel,
 sjoch, hoe't de hân fan in heit
 syn eigenste oarsprong it gesicht fan
 in simmer skonk, elke tear reachfyn delset
 oant op de lêste tried fan tiid,
 de ûnfergonklike oere.

Oer de Appelmerk rydt de dame fan

in moaie dei yn de hjerst,
groetet yn de doar fan libben en dea
de man dy't mei in spegeleach foar 't boarst
ûnder de hûd fan tiid en skimer seach
hoe't in heit mei it pínsiel as pinset
in tefolle oan oaljeferve
út de duffelske jas fan Eusy pjukte,
de skoaier dy't sliepend yn syn foddekarre
de skilder syn hert en leafde hie;

allyksa belibbet yn de doar fan libben en dea
de mitseler fan it minsklike lichem
de wûne en 't wûnderlike fan it bestean,
ay, hoe't by alle anatomyske lessen
skalpel, skjirre en pinset it fleis beroerden,
it lichem dat him yn de oere fan
in âld liiffrinnen hearre liet as in lyts rochelorkest,
mei de wjerklank fan neat en nimmen,
de rêd ferrinnende dei.

Wolkens skowe as oaljekoeken de himel oer,
driuwe bylâns it Bolwurk it Geitehok yn
dat as in smûke kroech syn gasten opnimt;
de boppe-earms bleat fleane - prik -
de nullen mei fleur it fleis yn,
butler Broer tikket swijend oan de hoed,
skinkt mei de man yn de doar fan libben en dea
in krûdebitter as goadedrank,
de wûnderlik grypske dei.

Swij do, swij 2019-10-07

Swij do, swij, Ai Weiwei, swij! Sis, wa skonk dy it frij en
lit dyn heit, de oerheid, de bleate kont fan 'e keunst sjen?
Wat bakte dy it rjocht en stek mei harpij, sloery en lods
in tsjokke middelfinger op nei wa'tsto mei al dyn keunsten
neamd hast dyn dwingelandij? Tink net, Wei, dyn wurd seit
Wierheid. Alles watsto sjen litst, is oars net as mishipte
dekadinte smearlapperij! Harkje ris, wy hawwe it Goede
mei dy foar! Mar wolsto net omlyk, ay, wy pakke dy op,
brekke dy alle bliksemse bonken! Of wolsto aanst in baan
as skjinmakker fan skythokken yn kampen op 'e keale
flakten fan Mongoalje? Nee, swij do, swij, Ai Weiwei, swij!
Net hasto it rjocht en sis watsto tinkst, skriuwst en dreamst!

FAT MAN'S TSJUSTERNIS 090845 2019-08-17

*

Staf-oer-nacht falt middenyn it wurd
it swarte gat, de wite bliksem
en it wrede ljocht, de flok en
de sucht en de azem fan beide

by de morbide klok dy't oer Nagasaki
de bom brocht, in lûk dat
iepenkypt, in triljen en donderjen
en, alles taspjaltend, de braak fan

it atomêre hearskip Kronos
dy't de dei, it hert, de tonge útskuort,
in moarntiid yn augustus, stil
as hjoed de sinne oer de Potmarge.

*

Mei in geweld, hurder as it lûd sels
strûpt in ferniel libben de hûd,
floedweagen fan stof en pún en
pún en stof en de brutens fan beide

yn de hjittens fan tûzen,
net yn sinnen te sizzen sinnen,
it ûntplofte alfabet, in stêd,
fuortreage ta inkeld neat en nimmen,

mister Fat-Man's iepenbiering, of:
it blyn fan de himel rôve fjoer,
in moarntiid yn augustus, stil lykas
hjoed de wynstreken boppe de Potmarge.

*

Kensto de nije, netsjes yn pak klaaide
reichmannen, sneins harkjend nei Bach
of, segene fan harren God, kuierjend
yn it park, tútsjesappend nei frou en bern?

Meganysk en slaafsk dogge hja gewoanwei
de algoritmyske wurken, yn tsjinst fan
de hearen menearen, blaffend en
bearend, let's drop the Big One and see

what happens, son, alles foar it heitelân!
O, sotteklok Gods, nea net fier de hân
op de atoomknop. Báts. Wat in feest.
Tsjuster de kweade kelders fan de geast.

Op Wjyns - Yn it skaad fan de stien 1019-06-20

Foar A.H.

Troch it each yn de stien fan K.
Koene wy, lizzend op knibbels,
De le omtrint lizzen sjen, as soe
Al wat sliepte wer syn stream nimme.
Griis wie de loft, in mei pleisters
Tichtplakt kefert. Wolken fearen oer
De pont en net thús te bringen
Klonken stimmen yn 'e hôfsbeammen.

By it gat yn it skaad fan de stien
Foel it ljocht ovaalwei oer gers en paad
Oant de sinne syn macht ferlear
En foarby it terras as in slange
De le ynglied, net oars as wy dy't
Opstapten, goenacht en dâg-dâg,
Weromkearend ta it alderearste wurd,
Azem dy't tiid ta taal makke.

Skip fûgel lân 2019-03-19

'Substitute', The Who

Iepensnien lei my it lichem ûnder
de kust syn skomflokjende hoarizon.

In Fundgrube fan rotsoai en ramsj
wie ik. De mage pûle út fan alles

wat ûnfergonklik ivichheid yn hie:
just plastic, sa't ik fan kop oant sturt

en fan wjok oant wjok al opset wie
eardat ik út eigen fearren opgean koe.

't Wie ûnder de slach fan de toer dy't
by Wierum oer de kegen klapte dat

ik út myn dreamen wekker skeat,
kjel by alle flokjende snie, kerls mei

gjin oare siele as dy fan domme oalje.
En dêr't hagel, driftkjendewei, wyt

it boulân gisele, wist ik: We're all
born with a plastic spoon in our mouth...

Europa - De nammen 2018-11-13

It is baas drok oan de kusten fan Europa.
Badgasten, beskonken yn see, swimme
foarby it wrakhout fan it skip dat
de flechtling brocht, ûngeriif dat jûns
ûnder de sinne yn de oliven fia
Skype en mail nei it thúsfront spat,
de kleilieten oer it bedoarne genot. -

Hotelkeamers sjogge út op tinten en
kampen, tichtset mei skrikried, ryk fan
hannel yn fleis en minsken. Eagen oer
it stek sinke wei as boaten yn 'e nacht.
It is baas drok oan de kusten fan Europa.

folslein ienriedich is yn syn advys. It wie in genot om ympresjes en mieningen út te
wikseljen, om jins miening te skerpjen oan dy fan de oare beide leden, en it is foar
elke sjuery fansels fierwei it moaiste ast it mei elkoar hielendal iens wurde kinst.

It sil nimmen ûntgien wêze dat der argewaasje wie oer it systeem fan nominaasjes.
Wy binne as leden fan de advyskommisje net dyjingen dy't dêr it lêste wurd oer te
sizzen hawwe, wy binne betreklik sûnder euveldoed yn de kommisje sitten gien,
mar faaks is it dochs fruchtber om ús ûnderfining mei it systeem te ferwurdzjen.
Sa gau as wy derút wiene wa't de Gysbert Japicxpriis winne moast, sa lang ha wy
dien oer de nominaasjes. In nominaasje betsjut dat jo kâns meitsje, en wêr't de
priiswinner de priis wint, kinne wy ús yntinke dat de net bekroande dichters (net sa
bedoeld en ek net hielendal terjochte) it gefoel ha dat sy de priis `ferlieze'. In
ôfwizing. Dat woene wy foaral net, mar mei dit yn de achterholle nominaasjes
opstelle, foel yn de praktyk ôf. Uteinlik ha wy keazen foar fjouwer nominaasjes fan
wurk dat om ús de priis ek krije kinnen hie, fan dichters dy't wy de Gysbert yn de
takomst gunne.

Leden fan de kommisje ha sels ek ûnderfining mei nominearre te wêzen. Op himsels
is in nominaasje in blyk fan wurdearring, mar as in oar (en altyd de ferkearde ...) de
priis taskikt krijt, fielt dat as in nederlaach. No sieten wy oan de oare kant. It heart
by it fak fan skriuwer, fûnen wy, om it spul profesjoneel mei te spyljen. Dat moatte
oaren by de Librispriis, de Gouden keallen en de Oscars ek.

It systeem fan nominaasjes foar literatuer- en oare keunstprizen komt mear foar. It
giet dan om prizen foar wurk oer in beskaat tiidrak, krekt as de Gysbert Japicxpriis.
It wurde wedstriden dêrtroch. Tagelyk giet it ek hast altyd om sponsore prizen dy't
as doel ha omtinken te freegjen foar it wurk en de sponsor. Prizen fan oerheden en
stichtingen dy't skriuwers en oare keunstners earje wolle, dogge dat by ús witten
net mei nominaasjes. De fraach liket dan ek te wêzen oft de Gysbert Japicxpriis

foaral in priis is dy't út namme fan mienskip en oerheid wurk en skriuwers earet, of mear in marketing- en promoasje-ynstrumint is. Dy fraach moat de provinsjale oerheid beantwurdzje.

As de bedoeling fan it systeem is om omtinken te freegjen foar literatuer, dan is dat dit jier mar beheind slagge. De media namen de nominaasjes beskieden mei yn har nijsoersjoggen.

De protesten krigen folle mear romte. Dêrmei is it byld dat ûntstiet net sa sear dat fan in bloeiende literatuer mei dichtwurk dat it lêzen mear as wurdich is, mar earder fan in lytse dwerse yncrowd fan eigensinnige dichters dy't altyd wol wat fine om tsjin te wêzen.

Mear wolle wy der net oer sizze, want der binne wichtiger en feestliker saken oan de oarder. It is in bysûndere ûnderfining om út alle Fryske poëzij ferskynd yn de jierren 2013 oant en mei 2016 in priiswinner oanwize te meien fan de heechste literêre ûnderskieding foar in Fryske skriuwer. Nei de earste gearkomste gongen wy trijen op hús oan, mei elkmis in papierene pûde grôtfol poëzij mei as opdruk: Famylje fan Grutte Pier? It bysûndere is dat jo sa yn in koart skoftke tiid alle poëzij fan de fjouwer ôfrûne jierren ûnder eagen krije. It jout in byld fan de stân fan saken oangeande de poëzij yn Fryslân, en ús befiningen dêroer wolle wy hjirnei graach mei jim diele.

It bombardemint mei gedichten wie net folslein sûnder 'collateral damage'. De oerdoasis poëzij, (48 publikaasjes) soarge derfoar dat ús oardielen ekstremer waarden. Synisme leit op de loer, en dat by trije minsken dy't dat fan harsels eins net kenne. Wat mear gedichten ast ûnder eagen krijst, wat ûngeduldiger ast wurdst om noch werris in ûnneifolchbere assosjaasje mei te fielen; wat mear ast ûngefoelich wurdst foar partikuliere observaasjes dy't mar net lyrys wurde wolle. Wy waarden benijd nei it belied fan útjouwers.

As der safolle útjûn wurdt, hoefolle soe der ôfwiisd wurde foar publikaasje? Wêrom wurdt gelegenheidspoëzij dochs útjûn?

Wy hawwe ek bondels ûnder eagen hân dêr't de teksten mear of minder slim te lijen hiene ûnder in behyplike foarmjouwing. Us idee is, dat elke himsels serieuus nimmende útjouwer soargje moat foar foldwaande omtinken foar de foarmjouwing, ek as de dichter sels betellet foar de útjefte. Dat gebrek oan foarmjouwing wurdt noch namste skrinender as de boekjes lizze tusken oare krekt wol prachtich foarmjûne bondels. Gelokkich binne der fan dy lêste kategory ek gâns goede foarbylden te jaan.

Wy hawwe ús fernuvere oer it grutte tal dûbeltalinten. Wy hawwe geregeldwei om 'e nocht socht nei de mearwearde fan it opnimmen fan byldzjend wurk yn in poëzijbondel. Wy ha wolris twifele oft it omtinken foar mear disziplines net ten koste giet fan de ambysje en de kwaliteit yn de ôfsûnderlike disziplines. Mar dêr streekrjocht tsjinoer: wy ha goede foarbylden sjoen fan it sykjen nei nije wizen fan presintaasje fan poëzij krekt mei help fan oare disziplines, benammen it sykjen fan Eeltsje Hettinga en Lotte Middendorp makket nijsgjirrich nei mear.

Gâns bondels wiene twatalich. Wy begripe dat it in foardiel liket om wurk yn twa talen oan te bieden. Gâns gedichten makken de yndruk maklik fertaald te wêzen. Dat ropt fragen op oer de djipgong fan de oersetting, mar eins noch folle mear oer it wol of net oanwêzich wêzen fan in spesifike Fryske foarmkwaliteit yn lûding en fersfoarm. Faak wiene yn ús belibbing de gedichten yn de Nederlânse foarm minder sterk as yn de Fryske.

Soms ha jo ek fan dy aparte observaasjes dy't tafallich lykje, mar te moai binne om net te neamen. Wat binne wy faak paken en beppen en âlde pleatsen tsjinkommen! Wy meie net hoopje dat dy de core-business fan de Fryske poëzij binne! Trouwens, fan de fiif nominearren komme mar leafst fjouwer út 2014. Hat grif neat te betsjutten, mar dochs.

Oar praat. Genôch kryptyk en kanttekeningen, lit ús it hawwe oer it wurk dat it sa moai makket om lid te wêzen fan de advyskommisje foar de Gysbert Japicxpriis. Om in oersjoch te krijen oer de stân fan saken yn de Fryske poëzij.

Hoe stiet it derfoar mei de Fryske poëzij? Antwurd: goed. Dat wy fiif bondels nominearre ha foar de Gysbert Japicxpriis mei dêr it bewiis fan wêze. De poëzij is hast altyd it sterkste sjenre yn de Fryske literatuer. Wy ha in protte bondels ûnder eagen hân mei poëzij dy't it lêzen mear as wurdich is. Wy ha geregeldwei bondels lêzen dy't mei grutte foarmbehearsking, konsekwinte útwurking fan styl, motiven en fersfoarmen opboud binne. En bondels mei goede gedichten en sinnen dy't hingje bliuwe. Wy binne eigensinnich en humoristysk wurk tsjinkommen, De Leffert fan Jarich Hoekstra en Harke Bremer. Wy binne nammen foar de takomst tsjinkommen: Sigrid Kingma en Geart Tigchelaar.

De kommisje hat úteinlik fjouwer bondels nominearre en ien bekroand. Ik begjin mei de nominaasjes en ik neam se hjir yn alfabetyske folchoarder fan de achternamme fan de dichter.

Wilco Berga, Allinne en yn koar. Utjûn by de Afûk yn 2014

De poëzij fan Berga nimt jin mei nei in wat mytysk azemjende wrâld fan seefear, treinen, ferlitten huzen. Berga hat in fyn each foar sintúchlike waarnimmingen, de kombinaasje fan beskriuwing en suggestje is effektyf. Berga hantearret in trochtochte komposysje fan neo-klassike foarmen, mei lûd as gearbinend elemint. Troch de herhellingen krije de gedichten wat fan ballades, wat sjongerichs.

Wy fine dizze kwalifikaasjes werom yn bygelyks it folgjende, in pear strofen út It kreakjen fan 'e doar:

By it kreakjen fan 'e trep bliuwst
wer skrokken stean; ea kaam
in jonge thús yn alle stilte,
by ûngelok sloech soms de foardoar.

Yn dit hûs fan dierber lûd wachtest
op in flústerjen yn 't tsjuster,
by in minste sigen kin der immen
neist dy komme.

Yn 'e stilte fan dit âlde hûs hâldst
de siken yn; samar kin in doar slaan,
hearst in hoeden kreakjen,
as rint der immen op 'e teannen.

Elske Kampen, Man en mem. Utjûn troch de Afûk yn 2014.

Wy waarden meinaam troch de poëzij fan Elske Kampen yn Man en mem. De poëzij sjongt, bliuwt kleven, en jo draaie mei de sinnen mei. Kampen hat moaie assosjaasjes, dy't tagelyk ferrasse en neifolchber bliuwe. Har tematyk is herkenber, de langstme nei geborgenheid is autentyk en mei te fielen. In fragmint út

Man en mem

Oer it oaljewriuwen fan har hannen kin ik noch mei ús tafel prate. Har sirkels mei flanelen doeken, de sêfte pluzen heakjend achter oasten yn it hout.

En oer har mylde wurden fan oerdei en foar de nacht as ljochte flaggen wachtsjend. En dan fierder moarns by de tafel sy ek ik, yn ritmysk fuorjen en wiidwaaiend praten.

Albertina Soepboer, Herbarium, útjûn troch Frysk en Frij yn 2014.

Wy binne yntrigearre troch it dichterskip fan Soepboer, dat in eigen wrâld konstruearret mei in grutte foarmfêstheid, en dat yn dizze bondel stal krigen hat yn in konsept mei gedichten yn skiften dy't de nammen fan planten en motto's fan Fryske dichters drage. It wurk is sterk fan komposysje, bewust fan foarm en lûd. Soepboer wurket oan in oeuvre, dat de lêzer meinimt yn har soms wat hermetyske universum, en hy giet mei har op siik nei – ja dat yntrigearret.

In moai fragmint fûnen wy:

MEM

ik bin in bern, treinen de wolken
en de bearepoat
en toer de loft yn, in wyt skerm
fan wat komt

ik bring my de yndiaan yn 't sin
mei trije fearren
wolst fleane, ferjit dan nooit net
do bist de fûgel

Abe de Vries, Brek dyn klank. Utjûn troch de Gerben Rypmastichting yn 2015.

Abe de Vries hat alris de Gysbert Japicxpriis wûn. Noblesse oblige; Brek dyn klank is op 'e nij in bewiis fan it krachtige dichtersskip fan De Vries: mei tagonklike observaasjes, ferrassende assosjaasjes, in grutte foarmbehearsking. Op it each losse observaasjes krije troch it fakmanskip fan De Vries in djipsinnichheid dy't

útnoeget om hieltyd fierder te graven yn it wurk. Brek dyn klank is in ynbannige bondel, mankelyk en mei in persoanlike toan.

Tredde sonate

Hjoed hie 'k in ploechje bern oan 'e doar
te freegjen wannear'tst wer kaamst.
Wyn út wolken kjimt de beammen
en de strjitte stiet fol mei wosken auto's
fan frij-evangelysken. Snein is de dei
om in rigel as wat te moaiskriuwen.
Ik sei dat ik it net wist, mar ik tocht
mei harren mei: faaks yn 'e fakânsje?
As it fan de tillevyzje mei, sei ik noch.
De sinne bedimme him al. Op 'e bleek
hipten eksters om. It wie de ein fan 'e dei.

De kommisje is rekke troch de urginsje dy't sprekt út de gedichten fan Fallend ljocht. Dam kombinearret in persoanlike toan mei in grut foarmbewustwêzen en in breed palet fan metrum, rym en lûding, wêrtroch't de poëzij ûntroert mar nea klagerich wurdt. Dam kiest bysûndere ûnderwerpen as tsjerken en teologyske fragen, dy't hy behannelet yn in kombinaasje fan yntertekstualiteit en in persoanlike en Fryske ynstek, wêrtroch de poëzij universeel wurdt.

De priiswinner is bekend:
Eppie Dam,